

*Luuk van der Veen (2009)*  
 Bij leven en welzijn. Fabrikant en ondernemer Lijkele  
 Miedema 1905-1974

Leeuwarden: Friese Pers Boekerij bv

Piet Hemminga (Fryske Akademy)

Luuk van der Veen (Grins, 1956) hat in alderaardichst boek skreaun oer syn skoanheit Lijkele Sijbrens Miedema, bekend fabrikant fan luchtbanneweinen yn Winsum en in man mei in fin mear as in bears. Boeresoan Miedema begûn syn warber libben yn de Winsumer pleats fan syn âlden, mar soe syn technyske en kommersjele talinten al gau fierder ûntwikkelje mei earst wat loshannel, doe in minder slagge Boalserter ûndernimming yn petroalje en, sûnt de twadde helte fan de tritiger jierren, de lânboumeganisaasje. It begûn mei heatakels en dêrnei, op ûnderstellen fan âlde auto's, de earste luchtbanneweinen. Nei de oarlochsjierrren soe it fabryk mei faasje ta in suksesfolle ûndernimming útgroeie. Fiif jier nei de oarloch waard de omset foar it earst mei sân sifers skreaun. Tsien jier letter ferkocht Miedema jiers sa'n 2000 luchtbanneweinen en transporteurs. De grutste helte dêrfan bleau trouwens yn Fryslân, wylst in lyts fjirde part nei it bûtenlân eksportearre waard.

It doarp Winsum soe wakker fan de fleur fan Miedema profitearje, hoewol't de provinsjale oerheid dat doarp, oars as Miedema graach woe, net as yndustrykearn oanwiisde. Dyselde oerheid liet yn de persoan fan de doetiidske kommissaris fan de keninginne witte: 'U moogt gerust Fries spreken mijnheer Miedema'. 'Dêr haw ik ik Jou permisje net foar nedich, mynhear de Kommissaris', wie it andert fan de man dy t yn de taakomskriuwing foar syn nije personiëlssjef, Haring Tjittes Piebenga, opnimme liet bysûnder omtinken te jaan oan wat oft it bedriuw foar it Frysk-eigene betsjutte koe. Mar dêr bleau it net by, want Lijkele Miedema soe ek oan de widze stean fan it organisearre fierljeppen yn Fryslân. En hy soarge derfoar dat Winsum yn 1956 it heechste bedrach de ynwenner yn de aksje 'Open doekje voor het Frysk Orkest' joech. Twa jier letter wie Miedema like warber yn in lyksoartige aksje, no mei de namme 'De stiennen sprekke' en bedoeld om de Fryske Akademy oan jild te helpen foar it útwreidzjen fan it Akademygebou. De wapens yn de gevel oan de Griene Wei binne noch altiten de taastbere oantinkens oan dy aksje. Mei

fanwegen dy Fryskens fan Miedema is it dochs wat eigenaardich dat it boek net yn syn memmetaal ferskynd is.

Net alles dêr't Miedema him mei dwaande hold, soe slagje. Dat is no ienris it risiko fan it ûndernimmen. De Ljouwerter sierfiskhannel 'Mifeko', de Dronrypster 'Porseleinfabryk Dronrijp' en de berneweinfabryk Jonkers op De Gordyk binne al lang yn it ferjittersboek byskreaun. Mei it Winsumer fabryk gie it yn de twadde helte fan de sechstiger jierren ek net goed. Miedema naam op 1 jannewaris 1972 as direkteur ôfskie fan syn ûndernimming, dy't dêrnei al gau wer by de wâl opklautere. Yn de rin fan de tachtiger jierren kaam it bedriuw yn frjemde hannen, mar sûnt 2003 fleant Miedema BV wer út eigen fearren.

It kreas útjûne, lêsbere en rynsk yllustrearre boek is in ynnimmend en fertsjinne oantinken oan in man dy't mei al syn krewarjen hiel wat foar Fryslân betsjutten en berikt hat. It is mar goed dat de jonge Lijkele Miedema syn plannen yn de twadde helte fan de tweintiger jierren om nei Amearika te emigrearjen, net wiermakke hat. Oars hie er grif ek yn it okkerdeis ferskynde boek *Gevierde Friezen in Amerika* stien. Mar sokke flinke bliuwers as Lijkele Miedema hat men faaks noch krekt wat mear oan as de lju dy't yn dy publikaasje beskreaun binne.



Peter Zürrer (2009)

*Sprachkontakt in Walser Dialekten. Gressoney und Issime im Aostatal (Italien)*

Zeitschrift für Dialektologie und Linguistik (ZDL)-Beiheft 137

Stuttgart: Franz Steiner Verlag

Rients Faber

Yn 'e uterste noardwesthoeke fan Itaalje, by de heechste bergen fan West-Europa, leit it Aostadal. Tafallige toeristen sil it opfalle dat yn dat part fan Itaalje it Frânsk brûkt wurdt. Mar yn dy hoeke fan Itaalje sit noch mear talich ferskaat. Yn it earder isolearre syddal fan it Aostadal, it Gressoneydal, wurde noch farianten fan 'e Germaanske talen praat. Mei de kolonisten dy't harren hjir yn 'e 12<sup>te</sup> ieu út it Switserske Wallis wei festigen, ûntstie oan 'e súdkant fan 'e Monte Rosa in mienskip mei sprekkers fan in dialekt út 'e Alemanyske dialektgroep. Fjouwer Romaanske taalfarianten soenen de dialekten beynfloedzje.

Yn dizze deeglike stúdzje ûndersiket Peter Zürrer de stân fan saken mei twa ûnderskate taaleilânmienskippen yn 'e hjoeddeiske wrâld fan it Gressoneydal. Yn de doarpen Gressoney en Issime hawwe de dialekten in eigen ûntjouwing hân, dy't ferbân hâlde mei taalkontakten dy't der west hawwe. Zürrer giet nei hoe't beide dialekten har ta inoar ferhâlde en ferskille, mei help fan 'e metoaden foar it moderne taalkontakt- en meartaligensûndersyk. Syn útgongspunt binne net de *semi-speakers*, mar de *fluent speakers* yn harren deistige kommunikaasje. Codeswitching en (insertional) codemixing, saken dy't ek yn 'e Frysktalige fermiddens net ûnbekend binne, krije rom omtinken.



Obe Postma (2010)

## *Veld, huis en bedrijf. Lanbouwhistorische opstellen*

Uitgegeven door Philippus Breuker m.m.v. Meindert Schroor en Tineke Steenmeijer-Wielenga

Hilversum: Uitgeverij Verloren

Rients Faber

It is de fertsjinstste fan Philippus Breuker dat er al sûnt jierren klam lein hat op de grutte wearde fan Obe Postma syn lânbouwhistoarysk wurk. Breuker ferhellet yn it wurd foarôf fan dizze publikaasje dat de wittenskiplike rom fan Postma noch altiten libbet by lânbouwhistoarys, histoaryske geografen en mediëvisten. Dêrom is de útjefte fan *Veld, huis en bedrijf* fan belang om it wurk fan Postma, Fryske stikken binne dêrfoar oerset, tagonklik te hâlden foar de lânbouwkiednis. Mar ek foar lju mei niget oan lokale skiednis is in soad te finen yn dizze útjefte. Hast alle doarpen fan Fryslân wurde wol neamd yn it register.

As tarieding op it lêzen fan de artikels fan Postma, jout it boek in mânske ynlieding oer *Postma als landbouwhistoricus*. Dêrnei folget in ryk ferskaat oan artikels. Om de lêzer in *feitlik* byld (yn de styl fan Postma) te jaan, dit binne se: Een Fries dorp in 1546; Hoe is de pondemaat onze Friese landmaat geworden?; Virga en Pes in de registers der kloosters te Fulda en te Werden (Bijdrage tot de kennis van de oud-friese hoeve); Verdrongen plaatsen aan de westkust van Friesland; De begrenzing van de Middellzee; De zogenaamde vierjaarlijkse verdeling van de hemrik; “Truchstrinzede ritherne” en de verdeling van de hemrik; Het Rekenboek van het Hasker Convent (1500-1520); Over het Friese boerenhuis in de 16e en 17e eeuw; “Mear” of “mar” [maar] = grenssloot?; De Krinzerarm; De Saksische jaartax in Friesland; Granderen, Aenwert, Grandiuorum, Utberdum (Bijdrage tot de aardrijkskunde van middeleeuws Friesland); Hoe kan het woord “aenwert” de betekenis van “gebied” hebben gekregen?; De Friese steden en haar “uitburens”; Over het ontstaan der oudste Friese geslachtsnamen; Personen of geslachten in plaatsnamen en boerderijnamen?; Over de “corpora” van de Friese kloosters, en wat er uit voort is gekomen; Een boerderij uit het jaar 855 in onze tijd teruggevon-

den? ; Ploeggang en hoevenstelsel; Het Rekenboek van het klooster Selwerd 1560-1563; Veldnamen in verband met gemeenschappelijk grondgebruik; Over enige vreemde gemeente- en dorpsgrenzen in Friesland; De Friese hoeve in de zandstreken. Een voorlopige oriëntering; Waren de oude burelanden van Terschelling voormalig kerkelijk bezit?; De doorgaande plaatsen en de daarbij behorende meente; Een landmeter aan het werk in de 16e eeuw; Over de hoelevorming in de Friese zuidwestelijke kuststreek en op Ameland; Over de boerderijen in Barradeel; Over aanvang en eerste tijd van de floreenbelasting in Friesland; Bolsward, stad en land; Over een paar moeilijkheden de geschiedenis van het rechtsbestel van Appingedam betreffend; Essen op de Friese klei; Iets over de landerijen van het eiland Schiermonnikoog; De schar- of scharbrief als reglement voor het gebruik van het gemene veld; De magistraat van Sneek als beheerder van gemene scharren; Over de positie van het vlek in Friesland in de tijd van de Republiek; “Eester” en “hornleger” als onderdelen van het veld bij de Friese boerderij.

